

Mei Kening Kees op stap: hearlike humor

F20 25-10-'08

Novelle

troch Jaap Krol

Yn 1998 bestie it hjoeddeiske Fryslân 500 jier. Foar de measten minsken in reden ta in feestje, foar guon reden ta lilken oer it ferlies fan de saneamde Fryske frijheid. Sa makke dichter Cornelis van der Wal op in feestlike gearkomste yn Ljouwert melding fan in bom en belanne hjirfoar yn de sel.

De novelle *Kening Kees* is net in relaas oer dizze aksje, it is in ferhaal oer in dichter dy't oan leger wâl rekket en besiket syn libben in draai te jaan troch it nimmen fan in frjemd en ferslavend searum, dy't him transformearje moat.

Syngroan in dit ferhaal rint in ferhaal dat him ôfspilet yn in troch de auteur frij bewurke Nederlân mei presidint Pim as haad fan it regeer en Hermann Loeks as gûverneur fan Fryslân. Op in feestlike betinkdei lykwols wurdt de Hollanner Loeks troch in stel fannaten út de auto sleurd en meinommen nei in geheim plak. Op dizze lokaazje moetsje de twa ferhaallinen inoar - op hilyryske wize. Eins wol ik der net mear oer fertelle: *Kening Kees* is mar in tin boekje, dat yn ien kear útlêzen wurde kin.

Je kinne fragen stelle by it fenomeen 'betinken' yn Fryslân. Fryksinnigens kin ûnskuldich wêze, mar der binne

ek farianten fol drammerichheid en opskepperij oer in hast mytysk ferline. It is dan ek in gelokje dat dy ellinde yn

In fleurich ferhaal, mei in moaie foarm fan sleuwens

alle gefallen ien posityf ding opsmiten hat: in tige nijsgjirrich boek.

Want it bart net faak dat in besprekker in wurk lêst dat

sa oerladen is mei humor en sa hearlik út de bocht fleant. Van der Wal syn dekor wurdt gearstald troch net besteandepersoanen-mei-dochs-wol-bekende-nammen, blikjes Aldibier, pyama's fan de Hema en in wûnderlik fantasij-searum. Dizze yngrediïnten wit de skriuwer te miksen ta in fleurich, ûnmooglik ferhaal, mei in moaie foarm fan sleuwens: dy fan in lyts mantsje yn de grutte, ûnbegryplike wrâld. Dat Van der Wal sa út en troch in pear moaie, gefoelige útsjitters tekenet, jout my de hope dat it net by *Kening Kees* bliuwt.

Dit sis ik net samar. *Kening Kees* wiist ek op in nuvere, eins

tryste kwestje: miskien is dy saneamde Fryske frijheid wol de iennigste boarne dy't grappen opsmyt. Ik doel hjirmei beslist net op it ferrin fan de skiednis, wol op it hast skrirend brek oan humor yn de Fryske literatuer. Dat Van der Wal yn in spiegeltsje sjocht en oaren en himsels útlaket, falt dan ek te prizen - al diel ik syn Fryksinnige pinne beslist net.

i Cornelis van der Wal, *Kening Kees*. Utjouwerij Bornmeer, 12,50 euro

